

## Wat mei dyn wente wêze

Jelle Bangma

Bist santjin, learling fan it ROC,  
do sitst op fuotbal, meist graach stappe  
en game-e; 't klinkt och sa gewoan, mar  
dochs:  
wat mei dyn wente wêze, Mauro?  
Bist njoggen en se stjoere dy fuort,  
de wrâld yn, hiel fier fan Angola,  
ticket takomst, ink'le reis.  
Leech en eangstich bist en hiel ûnwis;  
bleek skynt de sinne oer dit flakke lân.  
Bist tolve en do hast in bêd,  
in eigen keammerke en giest nei skoalle.  
En wylst ynstânsjes  
prosedueres donderje,  
papieren fan ferbliuwsfergunnings  
en wetsartikels sjitte,  
't ferbliuw ôfwize  
en 't berop útgnize,  
- oer dyn rêch hinne -  
learsto wurdjes as:  
hopen op...

vertrouwen...  
liefde en  
geduld;  
dat sprekst út mei in sachte g.  
Hoe hurd is dit regear  
yn dizze wrâld fan kalkulaasjes,  
hoe wreed en skamteleas  
har krûp- en kronkelriddenaasjes  
Sa'n amtner printet moarn dyn ticket  
Mauro:  
in'kle reis Angola, gjin takomst.

Bist santjin Mauro, ik bin krekt sa âld,  
do sitst op fuotbal, meist graach game-e  
net oars as ik bisto, sa ûnder ús bisto,  
ik huverje, want kjeld lûkt troch de  
wrâld.

*Foardroegen troch:  
Jorn van der Schaar  
(toppers)*

### Bent u enthousiast geraakt?

Download dan ook de gratis Friese gedichtenapp "DichterBy" op uw Smartphone of iPhone. Deze app toont gedichten die zijn gemaakt in de buurt waar u bent.

Op de literatuurwebsite [www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl) vindt u alles wat u nog niet wist over de Friese literatuur!

# Tongersdei 26 jannewaris Nasjonale Gedichtedei

Op 26 januari dragen jongeren  
Friese gedichten voor in de stadsbussen  
van Leeuwarden.

## Komt u ook?

### Beste reiziger,

26 januari is het Nationale gedichtendag. En daarom laten wij u, in samenwerking met provincie Fryslân en Tresoar, op een leuke manier kennis maken met Friese gedichten.

### Komt u ook?

Op 26 januari zullen de finalisten van het Friese voordrachtsfestival "FeRstival" in onze Leeuwarder stadsbussen Friese gedichten gaan voordragen. De finalisten zijn tussen de 12 en 18 jaar oud. En natuurlijk dragen zij ook de gedichten voor waarmee zij in de finale zijn gekomen.

Kijk op [connexion.nl/friesegegedichten](http://connexion.nl/friesegegedichten) voor het tourschema.

### Alvast een voorproefje?

In deze flyer geven wij u graag alvast een voorproefje. De drie winnende gedichten staan hier vermeld. Kunt u niet wachten tot 26 januari en wilt u de drie finalisten nu al zien en horen? Scan de QR-code of ga naar [connexion.nl/friesegegedichten](http://connexion.nl/friesegegedichten).



### Myn wrâld Jelle Bangma

Ik wit in hiel moai paadsje  
ik kin it fine  
oaren net  
it ropt allinne my  
kom, seit it, kom  
hjiir achter leit in lange leane  
dêr't rigen beammen  
dreame, dreame...

Ik krûp it paadsje del  
de wrâld út troch de strûken  
dêr sjongt de wyn my ta  
de blommen laitsje  
wiest der al  
op teannen meitsje ik my lang  
en rik de blauwe loft  
mei fûgels kin ik  
fleane, fleane...

ik fyn it hege gers  
de fiver  
leaf, ferlegen  
de wettrige eagen winke my  
de waarme hannen hâlde my  
yn tiidleas driuwen  
oant fier hjirwei  
hoe fier  
de toer seis oere slacht  
ik moat nei hûs  
de beammen wiuwe dan  
oant moarn, oant moarn...

*Foardoegen troch:  
Merel van Wijk  
(starters)*

### Dyn namme Tjitske Sijtsma

Ik skriuw dyn namme op it beferzen rût  
dyn namme is tichtby, mar do,  
do bist sa fier fuort  
Dan ferdwynt dyn namme troch de izige  
kjeld

Ik skriuw dyn namme yn it sân,  
de sinne sacket yn it kâlde wetter, en do,  
de likest noch fierder fuort  
De golven nimme dyn namme mei

Ik flúst'rje dyn namme yn 'e loft,  
de wyn rûzet hurder as myn stimme, en do,  
de fleanst fan my fuort  
De wyn nimt dyn namme by my wei

Ik flúst'rje dyn namme yn it tsjuster,  
der is nimmen om 'm te hearren, want do,  
do bist noch fierder fuort  
De stjerren nimme dyn namme mei  
harren mei

Ik skriuw dyn namme op 'e spegel,  
ik sjoch mysels, mar do,  
do bist sa fier fuort  
Myn triennen sykje om dyn namme

Ik skriuw dyn namme yn myn herte,  
dat gûlt fan waarm fertriet, mar do,  
do bist fierder fuort as ea  
Myn herte sil dyn namme bewarje,  
foar altyd

*Foardoegen troch:  
Ilja Dijk  
(trochstters)*